

Dit brief is net oan Tony Feitsma rjochte, mar oan Erik de Boer, soan fan Janke Sietsma, dochter fan in nicht fan Tony, Bettie Sietsma-Dijkstra.

Bêste Erik,

Do hast yn de lêste jierren dat jim âld-muoike Tony Feitsma noch yn Grou wenne, in oantal kearen boadskippen foar har dien. Dat wie yn opdracht fan jim mem Janke Sietsma, dy't krekt yn dy drege lêste jierren in protte foar har "tante Tony" betsjuten hat. Tony fûn it blykber hiel fanselsprekkend, dat jim as famylje yn Grou de mantelsoarch op 'e noed namen. Foar jim mem wie it grif ek in earbetoan oan har eigen mem, dy't wol dy famyljebân mei Tony belibbe hie. Foar dysels fielde it net echt as famylje en Tony hie fansels net de útstrieling fan in gesellige âlde beppe-muoike. Do fûnst har in frjemd minske, dat it wikseljild fan de boadskippen neitelde en amper 'tankewol' sizze koe. Sy siet mar wat opsletten yn har hûs mei de glêsgerdinen ticht, altyd op deselde stoel (alle oare stuollen wienen beset mei papierwurk); de medisinen op 'e tafel en de tillefoan yn hânberik. De keamer fol boeken en mappen mei kranteknipsels en stikken dy't sy oait nochris lêze woe én mei kommintaar weromstjoere wolle soe. Op de earste ferdjipping wiene trije keamers, wêrfan twa stiifol mei boeken; op de souder ek nochris in bulte jiergongen fan tydskriften én in fiks oantal noch ynpakte eksimplaren fan har dissertaasje út 1974.

Sy koe der net mear trochhinne komme en immen oars mocht har der net by helpe. As ik op besite kaam, hie ik wol de oanstriid om ris flink regaad te meitsjen! Dochs haw ik dat nea dien, want ik woe gjin spul! Hiel stadichesoan haw ik foar it ferstân krigen, dat men in karakter net feroarje kin. Dan bliuwt allinnich noch mar oer om der sa út en troch te wêzen, de âlde ferhalen oan te hearren en neat mear werom te ferwachtsjen. Ut dy ferhalen kin men dan begripe wat in minske yn it libben dreaun hat en hoe't in minske sa wurden is. [...] Foar it artikel 'Naschrif' yn Trouw fan 14 septimber 2009 haw ik de gegevens oanlevere. Ien alinea fan myn hân skriu ik hjir oer:

"Tony Feitsma was geen familiemens en huiselijkheid kwam niet voor in haar vocabulaire. Gezelligheid bestond niet in het verzorgen van een feestmaal in een opgeruimd huis. Bezoek moest eerst kranten van de stoelen schuiven en zelf koffie zetten. Zij heeft nooit de psychologische ruimte gevoeld voor een relatie en ook geen kinderen gekregen. Er was wel altijd ruimte voor een goed gesprek waarin zij onbedaarlijk kon lachen, ook om zichzelf." De titel fan dat 'Naschrif' is: "Een leven voor het Fries". Dat wie har wurk fansels, mar it wie ek in dream fan in fertroud en frysktalich Fryslân, dy't sy as Friezinne-om-utens neistribbe. Doe't sy wurke yn Grins, woe sy perfoarst op in doarp yn Fryslân wenje, omdat men yn de doarpen altyd gewoan Frysk prate kin – dat wie alteast de ferwachting. Dochs is sy yn Bûtenpost en letter yn Grou altyd in bûtensteander bleaun; doarpsminske wie sy net. Yn it byskrif by de foto fan Tony waard nammers ek fermelden dat sy "sociaal onbeholpen" wie. Tony wie yndied net sa maklik yn de deistige omgong. Dochs haw ik al dy fjirtich jier geregeldwei kontakt mei har hâlden; it ferskil yn leeftiid fan 25 jier wie dêrby gjin punt.

Yn dy lêste jierren fan Tony har libben wiesto noch op skoalle, Erik; no bisto as jonge tweintiger sawat like âld as Tony wie, doe't har mem yn 1952 ferstoarn is. Sy kaam dêrnei ek net mear sa faak thús. Sels hat sy gjin relaasje oangien en ek gjin thús makke. Sy wie winliken in omswalker, bûten Fryslân opbrocht en yn Amsterdam studearre. Behalven in pear jier as learares Frânsk yn Harns, altyd bûten Fryslân wurke. Sy hearde ynhâldlik fansels wol by it wittenskiplike wurk fan de Fryske Akademy, mar wie dochs frijwat in bûtensteander. Dy posysje hat har ek besterke yn it tinken en it gedrach tsjinoer it Fryske establishment.

Do bist no as jonge tweintiger sawat like âld as my, doe't Tony en ik in pear jier lang hast alle wiken wiidweidige brieven oan elkoar stjoerden; meielkoar wol hûndert. Har brieven oan my haw ik altyd sekuer bewarre. Sy wie yn dy jierren dwaande mei har posysje yn de wittenskip as dosint Frysk oan de VU. Ik wie noch dwaande mei myn 'coming out' as homoseksueel. Wat it Frysk en de Fryske beweging oangiet, wie der doedestiids in bulte te rêden mei de oare universitêre opliedings foar Frysk en de FOKA-aksjes en FOKA-prosessen. Alsa yn mear opsichten in heftige tiid!

Hjirûnder haw ik twa brieven fan har oan my oerskreaun; goede foarbylden fan wat wy allegear by de kop hân hawwe. It wurdt wol dúdlik hoe dreech it libben foar Tony wie yn dy jierren. Faaks dat dyn byld fan dat frjemde fiere-famyljelid dêrtroch wat better ynkleure wurdt.

Mei in hertlike groet,
Alex Riemersma

30-6-1974

Alex,

(...) Sels sit ik wer hwat yn 'e swartgallige hoeke op 't heden, mar dat wikselet nochal sterk. As ik bitink dat myn hiele dissertaasje neat is, nooit klearkomt, etc., dan fliocht al it oare dat my dwers sit, my fansels ek wer oan. It sit allegearre sa ticht oan 'e opperflakte, dat der kin neat komme, of ik klap wer min-ofte-mear del. Al mei al is myn lykwicht (as men it sa neame wol) ryklik labyl op 't heden, al hat dat dan ek nooit myn sterkste kant west.

Dy dissertaasje sil ek sa geniael wol net earlik wurde as er wêze moatten hie. En dat hinderet my miskien ek wol hwat (yn oerienstimming mei "de echte Tony" dystou dan sa út en troch sinjalarrest). It forfelende is dat it net allinne om myn eigen gefoel fan eigenwearde of idelens giet (ik bin leau'k dochs noch wol sa folwoechsen dat ik dat relativearje kin; der binne sels minsken dy't miene dat ik hielendal net idel bin, safier haw ik dy neffens my slim ûnearbere eigenskip útband út de praktyk fan it libben), mar it giet ek en binammen om de politike wearde. (...) De iennichste kâns foar my is om my hoppe al ditsoarte fan saken út te hisen, mar ik bin fansels ek mar in minske, al ha ik dan ek in stikmennich stoere prinsipes dy't my dan meastentiids wer by de hannen om ôfbrekke.

Nou ja, men kin altyd noch jins biklach dwaen by emosjonele en ympulsive persoanen dy't dêr nei harkje wolle. Dat jout altyd in kâns mear dat men der net ûndertroch giet. Dat earst mar wer oan it wurk (hwant dat giet eins net iens sa birôerd op it heden).

Groetenisse, Tony

Grou, 8/9-11-1975

Alex,

Nei in dei omswalkjen Ljouwert-Bûtenpost en werom nei Grou (ûndertusken it hûs yn Bûtenpost forkocht en faeks in nij adres yn Amsterdam foun nou't se yn Amstelveen ûntdutsen ha dat myn flat dêr winliken "leech" wêze moast) noch even hwat meditearje. Dyn stik foar De Stiennen Man tsjin Kornstra wie goed, en foar myn gefoel ek "typysk-Alex". De klam leit op in posityf werjaen fan dyn eigen foaroardiel-stânpunt-argumintaesje. Yn wêzen komt gjin mins fansels ea fierder. Dat Kornstra mient dat er oan dy beheining ûntkomt en syn foaroardielen-tsjin sakrosankt achtet, is eins ûnbigryplik. Mar dy wissens soe wolris de kaei ta syn "sukses" wêze kinne. Persoanlik leau ik dat de idéologen à la Kornstra gefaerliker binne as de praktyske diskriminearders. De lêste groep docht hwat de earste rjochtfeardiget. De racistyske en oare foaroardielen meitsje aktuële en praktyske (en bytiden op in stuit ek noch wol bigryplike) diskriminaesje yn prinsipe bliuwend en fundearre. Sûnder dy fundearring soe praktyske diskriminaesje minder prinsypjeel en dêrmei yn prinsipe tydlik, hwant to bistriden wêze.

Ik wol leau 'k yn de St. Man nochris gear oer de fraech hwat al en net mei fryske biweging en de taek fan de St. Man to krijen hat.

15-11 Tafier wie ik kommen. Doch by dyn ôfwêzigens dizze "unvollendete" mar yn 'e bus.

Groetenisse, Tony

Ik ha yn Grou tillefoan krige: 05662-1362